

Tekst 1 Herman van Veen

- 2p 1 Hoe stekt de argumintaasje yn alinea 1 yn elkoar? Brûk yn it antwurd ien of mear kearen de begripen stelling, argumint en subargumint.
- 1p 2 Wat is it ferbân tusken de earste en de twadde alinea?
A opsomjend
B redenjouwend
C tsjinstellend
D útlizzend
- 1p 3 Hokker stylfiguer brûkt de skriuwer yn alinea 2?
A antyteze
B irony
C paradoks
D understatement
- 1p 4 De stelling 'met muziek kun je niet schieten' wurdt yn alinea 3 beärgumintearre. Om hokker soarte fan argumintaasje giet it hjir?
A argumintaasje op grûn fan autoriteit
B argumintaasje op grûn fan foarbylden
C empiryske argumintaasje
D kausale argumintaasje
- 1p 5 Hokker soarte fan argumintaasje brûkt de skriuwer yn alinea 4?
A argumintaasje op grûn fan autoriteit
B argumintaasje op grûn fan foarbylden
C empiryske argumintaasje
D kausale argumintaasje
- 1p 6 Fan hokker ferskynsel is sprake yn alinea 5?
A eufemisme
B generalisaasje
C irony
D paradoks
- 1p 7 Wat is it ferskil tusken 'stikken' yn alinea 5 en 'stikken' yn alinea 7?
A Yn alinea 5 giet it om it lijen fan muzykleafhawwers, yn alinea 7 om dat fan winkelklanten.
B Yn alinea 5 hat 'stikken' in fysike betsjutting, yn alinea 7 is dy betsjutting psychysk.
C Yn alinea 5 is 'stikken' net letterlik bedoeld, yn alinea 7 al.
D Yn alinea 5 wurdt 'stikken' bedoeld as geastlik kapot, yn alinea 7 hat 'stikken' de betsjutting fan wurch.

- 2p **8** Wêrom is it slim dat mannen as Herman van Veen en Stef Bos passy en gefoel globalisearje (alinea 8)? Brûk foar it antwurd net mear as 15 wurden.
- 2p **9** Om hokker twa redenen fynt de skriuwer dat Gordon foar it publyk oer krekt it tsjinstelde is fan Herman van Veen en Stef Bos? Brûk foar it antwurd net mear as 30 wurden.
- Yn alinea 10 makket de skriuwer in fergeliking tusken it boadskip fan Herman van Veen en wat de minsken mei krysttyd te hearren krije.
- 2p **10** Wat is de oerienkomst dêr't dy fergeliking op basearre is?
- Yn alinea 10 neamt de skriuwer Herman van Veen 'in moraalridder ferklaaid as clown'.
- 1p **11** Lis út wat er mei dy byldspraak sizze wol. Brûk net mear as 15 wurden
- 1p **12** Wat is de haadgedachte fan de tekst?
- A** De teksten fan Herman van Veen binne like agressyf as bygelyks dy beruchte lietteksten dêr't it Dútske Nasjonaal-Sosjalisme yn ferhearlike wurdt.
 - B** De útspraak van Herman van Veen 'Met muziek kun je niet schieten' doocht net.
 - C** Krysttyd wurdt net allinnich ûnthillige troch de kommersje, mar ek troch sjongers as Herman van Veen en Stef Bos.
 - D** Mannen as Herman van Veen en Stef Bos binne útsoarte gjin rasartysten.
- 1p **13** Ta hokker tekstsoarte moat de tekst rekkene wurde?
- A** redenearring
 - B** resinsje
 - C** skôging
 - D** útiensetting

Tekst 2 Eelke Lok wit der alles fan

- Op de iepen fraach dêr't alinea 1 mei einiget, jout de tekst letter dochs in antwurd.
- 1p **14** Hokker antwurd is dat?
- Eelke Lok seit fan himsels dat er op in stuit al wist wat der barre soe, wylst Deputearre Steaten dêr noch net iens oer neitocht hienen. (r. 25-28)
- 2p **15** Mei hokker argumint soe Eelke Lok dat stânpunt ferdigenje kinne? Helje it antwurd út alinea 4-5. Brûk net mear as 20 wurden.
- 1p **16** Lis út wat de skriuwer bedoelt mei in 'spekulative wize fan redenearringen'. (r. 31-32)

- 2p **17** De skriuwer ornearret: "Faak kloppet it byld, bytiden ek net." (r. 45)
Is dy bewearing oertsjûgjend? Neam twa redenen. Motivearje it antwurd yn net mear as 15 wurden.
- 2p **18** Yn alinea 4 komme politike kwestjes op it aljemint dy't Willem Verf yn it boekje fan Eelke Lok mist.
Wat is de ynhâldlike oerienkomst tusken dy foarbylden? Brûk foar it antwurd net mear as 10 wurden.
- 2p **19** Hoe ferklearret Willem Verf dat in stikmannich wichtige oangelegenheden út de polityk fan de ôfrûne tritich jier yn Eelke Lok syn boek net oan de oarder komme? Jou it antwurd yn eigen wurden en brûk net mear as 25 wurden.
- 1p **20** "Provinsjale polityk wurdt bedreaun troch amateurs en dat is goed." (r. 90-91)
Willem Verf is it yn wêzen iens mei de krytyk dy't op dy polityk útoefene wurdt.
Wêrom is er dochs fan miening dat de wize dêr't provinsjale polityk op bedreaun wurdt, net ferkeard is? Beänderje de fraach yn net mear as 10 wurden.
- 1p **21** Wêrom fynt Willem Verf dat er syn stikje 'yn styl' ôfslút? Beänderje de fraach yn net mear as 15 wurden.
- 1p **22** Hoe oardielet Willem Verf oer Eelke Lok syn boekje?
A It is in eigenwiis boekje mei in pear opfallende missers.
B It is in ferfeelsum boekje mei in synyske ûndertoan.
C It is in frij sinleas boekje mei sa no en dan in knap skreaun stik.
D It is in ûnderhâldend boekje mei in stikmannich minder slagge fragminten.
- 1p **23** Eelke Lok hat as polityk kommentator in dúdlike ûntjouwing trochmakke.
Karakterisearje dy ûntjouwing mei twa wurden út de tekst. Jou mei ien wurd oan hoe't er út ein sette, en mei in oar wurd hoe't er ophold.
- 1p **24** Hokker stylfiguer sprekt út de titel?
A hyperboal
B irony
C synisme
D taalboarterij

Tekst 3 De Wrede Muze

- 18p **25** Meitsje in gearfetting fan tekst 3.
Soargje derfoar dat dy gearfetting net mear as **200** wurden hat.
Yn de gearfetting moatte de haadgedachte en de struktuer fan it orizjineel werom te finen wêze. Yn de gearfetting komme de neikommende ynformaasje-
eleminten foar:
- it lot en de funksje fan de dichter;
 - de problemen en ljochtpunten en de ôfwaging dêrfan;
 - de renessânse yn de Fryske poëzij.